

LIBJE MEI WETTER



De ynfloed fan wetter op klimaat, leefberens en romtlike oardering yn de gemeente. Ynbring fan Wetterskip Fryslân foar de gemeenteriedsferkiezingen.

Yn maart 2026 steane de gemeenteriedsferkiezingen pland yn jo gemeente. It is wichtich dat wettertema's op de agenda steane – sa kinne jo derfoar soargje dat jo gemeente ree is foar de takomst en goed omgean kin mei de útdagingen op it mêd fan klimaat, leefberens en romtlike oardering. De gemeente is, soms allinnich en soms mei oare oerheden, ferantwurdlik foar wettertema's.

Wetterskip Fryslân, dat him deistich ynset foar wetterbehear yn Fryslân en it Grinlanner Westerkwartier, bringt dan ek graach de folgjende punten by jo ûnder de oandacht. Wy fersykje jo om dizze punten op te nimmen yn jo ferkiezingsprogramma.

KLIMAATADAPTAASJE EN WETTEROERLEST

Ynvestearje yn klimaatbestindige wiken mei romte foar wetterberging

Nije wiken en werynrjochte strjitten biede de kâns om reinwetter ôf te keppeljen fan it rioel. Soargje der ek foar dat der yn besteande bebouwing ôfkeppele wurdt. Sa foarkomme je yn de gemeente oerbelêsting fan it systeem en hâlde je swiet wetter fêst foar drûge tiden. Reinwetter moat lokaal ynfiltrearje kinne of ôffierd wurde nei in sleat, fiver of feart.

WETTERKWALITEIT EN SIRKULER WETTERBEHEAR

Stimulearje boarneoanpak fanr fersmoarging (bygelyks minder bestridingsmiddels)

Gemeenten ferliene fergunningen foar 'yndirekte loazingen' fan bedriuwsoffalwetter op it rioel. Wetterskippen kinne dêr net alle skealike stoffen úthelje. Troch loazingsfergunningen geregeldwei te aktualisearjen en goed tafersjoch te hâlden, stimulearje gemeenten bedriuwen om loazing fan probleemstoffen safolle mooglik foar te kommen. Dit slút oan by lanlike ûntwikkelingen en oanskerpe regeljouwing.

Stimulearje bewustwurding fan skjin wetter by ynwenners

Ynwenners kinne in soad bydrage oan wetterkwaliteit. Wiis op in krechte omgong mei bestridingsmiddels, medisynresten en fetten. Spiel allinnich de 3 P's troch it toilet: poep, plas en papier. Stimulearje dielname oan opromaksjes en it ynleverjen fan gemysk ôffal. Ynformearje oer it foarkommen fan biosiden yn it wetter, bygelyks troch it ôfdwaan fan de flieëbân as in hûn swimme sil. Tegearre hâlde wy it wetter skjin.

Foarkom fersmoarging by ekstreem waar

By ekstreem waar en pykbuien komt der in soad himelwetter yn it rioel telâne, wêrby't it risiko bestiet op rioeloerstoarting. Soargje derfoar dat himelwetterôffier fan it rioel ôf giet, om wetteroerlêst en fersmoarging fan it oerflaktewetter foar te kommen.

WETTER EN ROMTLIKE OARDERING

Hantearje wetter en boaiem as stjoerend prinsipe by romtlike karren

Romtlike karren moatte passe by wat it wetter- en boaiemsysteem oankin: it prinsipe fan wetter en boaiem stjoerend. Troch it wetterbelang fan de start ôf mei te nimmen yn de planfoarming en it wetterskip op'e tiid te belûken, kinne je flugger en ferstanniger bouwe. Dat soarget foar in takomstbestindige romtlike ynrjochting yn de gemeente.

Behein wenningbou yn oerstreambere of boaiemdelgongsgefoelige gebieten

Meitsje de kar om nije wenningbou foar te kommen yn gebieten yn de gemeente mei in risiko op oerstreaming of boaiemdelgong. Hjirmei binne je takomstige problemen foar ynwenners fan de gemeente foar.

Yntegrearje de klimaatstresstest yn beliedsfoarming en gebietsûntwikkeling

Der sit in protte ferskaat yn it wetter - en boaiemsysteem yn ús regio. Dit soarget derfoar dat net alle plakken oeral geskikt foar binne. Klimaatstresstesten jouwe ynsjoch yn de kwetsberens fan in gebiet foar wetteroerlêst, drûchte, hitens en oerstreaming. Troch de resultaten fan de stresstest aktyf te belûken by it ûntwikkeljen fan belied, plannen en gebietsûntwikkeling, bouwe je oan in leefomjouwing dy't bestân is tsjin de gefolgen fan klimaatferoaring. De klimaatstresstest fan de regio leit hjiryn klam op it belang fan romte foar wetter. Troch wetter tûk te yntegrearjen yn de ynrjochting fan gebieten, reparearje wy de balâns yn ús wettersysteem.

Sjoch ek : [‘blauwe omgevingsvisie en waterbeheerprogramma’](#) en [‘Friese Klimaatatlas’](#)

BOAIEMDELGONG EN DRUCHTE

Meitsje aktyf belied foar it beheinen fan boaiemdelgong, benammen yn feangreidegebieten

Yntegrearje it projekt Feangreide Fryslân en Feangreideprogramma 2021 -2030 yn it belied en fisy fan de gemeente. Wurkje gear mei de provinsje, Wetterskip Fryslân en oare partners om it beheinen fan boaiemdelgong mei te nimmen yn de yntegrale oanpak fan de feangreidegebieten, dy't har ûnder mear ek rjochtet op leefberens, bioferskaat, enerzjy en wetterkwaliteit.

Wergebrûk reinwetter en stimulearje ynfiltraasje yn de boaiem

Troch wetter tûk te yntegrearjen yn de ynrjochting fan gebieten, werstelle wy de balâns yn ús wettersysteem. Dat betsjut dat we ûnder oare it natuerlike (grûn)wettersysteem mear romte jaan moatte en wetter better fêsthâlde moatte yn de boaiem. Hjirtroch is der genôch wetter beskikber yn drûgere perioaden en kinne we it oerstallige wetter better ferwurkje by ekstreme delslach.

NATUER EN REKREAASJE

Draach by oan swimmen yn skjin iepen wetter

De regio is populêr by wettersporters, benammen yn de simmer. Spitigernôch loaze in soad boatsjefarders har húskewetter noch yn it oerflaktewetter, wat skealik is foar miljeu en folkssûnens. Gemeenten kinne dat foarkomme troch genôch, tagonklike en goed wurkjende ynsammelpunten te realisearjen. Dêrmei binne se ek taret op takomstige regeljouwing, lykas in fersegelingsplicht foar smoarchwetter tanks.

GEARWURKING EN PARTISIPAASJE

Wurkje struktureel en op 'e tiid gear mei Wetterskip Fryslân by gebietsûntwikkeling

Soargje dat de gemeente struktureel en op 'e tiid oerleit mei Wetterskip Fryslân by gebietsûntwikkeling. Op dizze wize kin de gemeente op foarhân de kânsen en risiko's fan wetter op ûnder oare kritike ynfastruktuer en wenningbou goed yn kaart bringe.

Stimulearje ynwenners ta it nimmen fan klimaatadaptive maatregels

Ynwenners fan de gemeente kinne sels al ferskate maatregels nimme om harren hûs en tún klimaatadaptyf te meitsjen. De gemeente ynformearret en stimulearret wêr mooglik oer bygelyks griene dakken, reintonnen en it ferfangen fan tegels troch grien.

Sjoch ek: ['leven met water, verminderen van wateroverlast, wat kan ik zelf doen'](#)

Wetterskip Fryslân foarsjocht jo fansels graach fan mear ynformaasje oer wettertema's. Ek geane meiwurkers en bestjoerders graach mei jo yn petear. Wy foarsjogge jo ek graach fan foto's út ús byldbank. Mochten jo hjir ynteresse yn hawwe, dan kinne jo kontakt opnimme mei bestuursadviseurs@wetterskipfryslan.nl.